

Gegûchel mei goed en kwea

Hoe't in krante-artikel jo al net ynspirearje kin ta in boek.

Steven H.P. de Jong liet syn fantasije wurkje nei oanlieding fan in yntrigearjend stik út de *Leeuwarder Courant* fan 6 septimber 1985 oer Froukje Hayes. *Swarte egen, in ferhaal út Earnewâld om 1730 hinne*, wie dêrfan it risseltaat.

GERBRICH VAN DER MEER

Guon minsken witte elkoar altyd wer oan te stekken. Dat liket yn alle gefallen foar de skriuwers Steven H.P. de Jong en Trinus Riemersma te jilden. It lêzen fan de roman *De wuttelhaven del* fan De Jong wie foar Riemersma yndertiid ien fan de redens om de tried wer op te pakken fan syn eigen roman *De reade Bwarre*.

It soe my net fernuverje as De Jong him dizze kear net allinnich troch it krante-artikel oer Froukje Hayes ynspirearje litten hat, mar ek troch Riemersma syn roman *De reade Bwarre* en folksferhalebondel *Salang't de beam bloeit*. Benammen it begjin fan *Swarte egen* docht sterk tinken oan triviale eleminten dy't ek by folksferhalen riem binne. Mei humor beskriuwt De Jong de herberchsêne mei de trije 'trollen' dy't, sa skriuwt er, „by it meubilêr fan 'e jachtweide” hearre. Fansels steane seks en moaie froulju lykas de bloedmoaie, ûnberikbere Froukje by de manlju sintraal.

De ferteller jout de lêzer op side 17 lykwols in knypeach. Dat docht er troch wat trochskimerje te litten fan wat er sels fynt fan al dat platte praat fan syn personaazjes en it kwasy-wittenskiplik mei de gek te beslaan. „En nachts wie mannich braaf húsfader yn syn fantasijen de frijer fan Froukje, wie er Bauke. Yn dy tiid libben de Earnewâldsters noch tichteby de midsieuwen. Se wiene kollektivist en koenen har hiel maklik mei ien fan har, yn dit gefal mei Bauke Allerts, identifisearje.”

Poppemoard

Froukje Hayes is foar de manlju in frou apart. Se is feanarbeidster en fearfrou. Se set alle dagen de manlju oer nei de turffjilden om turf te stekken. By har en har heit thús fine de manlju oanhâld en

kinne se har ferhalen kwyt. Froukje hat altyd in lústerjend ear en stiet foar eltsenien klear. Troch de tsjerke en de froulju wurdt se lykwols mei in skean each besjoen. Har heit hat de tsjerke de rêch ta keard en sy soe wat duvelsk en hoerichs oer har hawwe. Froukje Hayes dy't hiel dúdlik har grinzen oanjout wat manlju oangiet en ûndertusken fêste ferkearing kriget mei Bauke Allerts, wurdt op in stuit ferlaet troch de feanboer dy't it hiele doarp behearsketx: Jouteboer. Dan giet it ferhaal in ûnferwachte kant op. Froukje ûntkent foar harsels de affêre mei Jouteboer. It soe in dream wêze. Dêr behurdet se yn oant it stuit dat se berjochte wurdt foar poppemoard yn Ljouwert.

Untkenning

Absurde sitewaasjes en swart/wite beskriuwingen fan personaazjes en ynstituten geane yn Swarte egen hân yn hân. De relativearjende ferteller dy't alles wat mei de gek beslacht, ferdwynt lykwols stadichoan efter de skermen en in mear serieuze psychologysk oanleine ferteller nimt syn plak yn. It dúdlikst komt dat nei foaren as Jouteboer syn seksuele útspattingen op de pleats ferklearre wurde oan 'e hân fan in jeugdtrauma. En ek al seit de skriuwer yn de prolooch dat dichters de wierheid lige en skriuwers de realiteit as leagen skeppe, dochts oertsjûget it ferhaal ynhâldlik úteinlik net. Dat hat yn earste ynstânsje te krijen mei Froukje har ûntkenning fan de werklikheid. It wol my net oan dat Froukje Hayes dy't typearre wurdt as in selsbewuste selsstannige frou en dy't ek lokkich is yn har seksuele relaasje mei Bauke, de mienskip mei Jouteboer ôfdocht as in dream. It is ek apart dat hja seit graach in bern fan Bauke hawwe te wollen, mar as se dan wat 'ûnder de skelk' hat,



De roman *Swarte egen, in ferhaal út Earnewâld om 1730 hinne* spilet tsjin de eftergrûn fan it feanlânskip.

Foto: Hoge Noorden

it net wêze wol. Jouteboer syn keunsten yn it doarp en omkeaperijen geane my ek te stoef en te maklik.

It liket of woe De Jong oan 'e iene kant it krante-artikel op humoristyske en absurdistyske wize útwurkje, oan 'e oare kant

psychologysk wat djipper dolle op dyselde humoristyske en absurdistyske wize. Dat lêste begjint op 'en doer dochts wat te yrritearjen. Krekt as hat de skriuwer him wat yn dat absurdistyske ferlern, lit de relativearjende ferteller him te min jilde of is al datjinge wat eins

net strykt, gewoan wat te folle fan it goeie. Want wêr't jo as lêzer in ferklearring foar hawwe wolle, bliuwt út en wat ûnlogysk liket, is yn Swarte egen logysk. Dat jildt ek foar it kwea dat yn dit drama sa maklik oerwint. Miskien is it dêrom de koartste klap en nim dit flot

skreaune ferhaal dat gûchelt mei goed en kwea mei in bêste kerrel sâlt.

Swarte egen, in ferhaal út Earnewâld om 1730 hinne. Steven H.P. de Jong, Koperative Utjouwenij, Boalsert, 2001